



Riedsfoarstel gemeente Súdwest-Fryslân

Underwerp	Bestimmingsplan "Idzegea-Klokhúsdyk 2" Idzegea
Riedsgearkomste fan	14-7-2016
Kommisje	Doarp, Stêd en Omkriten
Kommisjegearkomste fan	28 juni 2016
Portefûljehâlder	G. Akkerman-Wielinga
Team	Ruimtelijke Ontwikkeling en Economische Zaken
Behanneljend amtner	G.L. de Jong

Foarstel:

1. it bestimmingsplan "Idzegea-Klokhúsdyk 2" ûnferoare fêst te stellen;
2. fêst te stellen dat it oanbelangjende bestimmingsplan fêstlein is yn it GML-bestân NL.IMRO.1900.2016oostBPidzegakd-vast;
3. fêst te stellen dat foar de lokaasje fan de geometryske planobjekten, gebrûk makke is fan de ûndergrûn hokker ûntliend is oan de Grutskalige Basiskaart Nederlân;
4. gjin eksploitaasjeplan foar it oanbelangjende bestimmingsplan fêst te stellen.

Ynlieding:

De famylje Boschma te Idzegea hat in fersyk by de gemeente dellein om in agrarysk perseel by harren wenperseel Klokhúsdyk 2 te Idzegea te lûken. Nei't de ried yn syn gearkomste fan 12 novimber 2015 fêststeld hat posityf te stean tsjinoer it prinsipesfersyk, hat inisjatyfnimmer in bestimmingsplantsje opsteld. It ûntwerp fan it bestimmingsplantsje hat op besjen lein. Der binne gjin sjenswizen yntsjinne. It plan kin dêrom no ûnferoare fêststeld wurde.

Doel:

It bestimmingsplan "Idzegea-Klokhúsdyk 2" fêst te stellen wêrmei in part fan de agraryske bestimming wiziget yn in wenbestimming


Argumenten:

It perseel Klokhúsdyk 2 wurdt ûntsluten troch in brêge oer de Klokhúsdykfeart. Oant foarich jier lei de brêge tsjin it hús oer. De brêge is lykwols ferpleatst yn ferbân mei it op hichte bringen fan de brêgen yn de farrûte fan de Tsjerkesleat (Aldegea) en de Klokhúsdyksleat nei de Idzegeasterpoel (de nije brêge is yn read op ûndersteande tekening oanjûn).

No't de brêge ferpleatst is, kin de famylje Boschma allinnich oer it agraryske perseel it wenperseel berikke. Dêr leit dus de ûntsluting. It liket ús net praktysk om foar it perseel grûn tusken de ûntsluting en de wenning fêst te hâlden oan in agraryske bestimming. Yn oerlis mei ferskate partijen hat de famylje Boschma ynstimd mei it ferpleatsen fan de brêge om dêrmei (ek) temjitte te kommen oan it algemien belang (opwurdearing farrûte). Dêr komt ek nochris by dat troch it opheegjen fan de kade in talúd (skeante) ûntstien is sadat der net mear sprutsen wurde kin fan optimaal brûkber terreinoerflak. Al mei al binne wy dan ek fan betinken dat it hjir om in besûndere situaasje giet en dat dêrom in útsûndering makke wurde kin op de rigels. Fan in presedintwurking kin dan ek net sprutsen wurde. Ek kin yn beried meinommen wurde dat it perseel neffens it bestimmingsplan mar in lyts wenflak hat (yn oranje op ûndersteande tekening). Foar it nije wenperseel (yn oranje en giel oanjûn op ûndersteande tekening) jilde de bou- en gebrûksrigels fan de bestimming 'wenjen' (kêst 18) út it bestimmingsplan 'bûtegebiet Wymbritseradiel'.

De fraach is noch efkes oft it folseine perseel mei in oerflak fan 1.500 m2 in wenbestimming krije moat. Wy hawwe de situaasje mei de famylje Boschma op it plak opnommen. In part fan it perseel

wurdt as sil brûkt wurde foar it weidzjen fan lytsfee (yn grien op taheakke tekening). Dêr kin wy dus fêsthâlde oan de agraryske bestimming. Dêrby jildt fansels wol de betingst dat hjir gjin wenfunksjes tastien binne en ek gjin opgeande beplanting. Dat lêste is ek koartsluten mei de famylje Boschma. Op ûndersteande situaasjetekening is de nije situaasje opnommen. Ien en oar betsjut dat it nije wenperseel in oerflak krijt fan likernôch 1.250 m².



Nije situaasje Klokhúsdyk 2 te Idzegea.

Oare mooglikheden:

It bestimmingsplan net fêststelle.

Risiko's:

Der binne gjin risiko's

Wetlike grûn:

Artikel 3.8 fan de Wet ruimtelijke ordening

Finansjele aspekten/gefolgen:

Der binne gjin finansjele aspekten/gefolgen oan 'e oarder.

Duorsumens:

Dat spilet hjir net

Ferfolchproses:

Nei fêststelling leit in plan op 'e nij seis wiken op besjen

Kommunikaasje:

Der is kommunisearre mei de inisjatyfnimmers om ta in goed plan te kommen. Ek is der kommunisearre mei de buorlju oan 'e oare kant fan de dyk. In ferklearring fan de buorlju is taheakke. Fierders hat in ûntwerpplan op besjen lein mei de mooglikheid om in sjenswize yn te tsjinjen. Fan dizze mooglikheid is gjin gebrûk makke.

Taheakke(n)

Meistjoere:

- startnotysje útwreiding wenperseel Klokhúsdyk 2 te Idzegea;
- bestimmingsplan "Idzegea-Klokhúsdyk 2";
- ferklearing buorlju.

Op besjen:

- -

Boargemaster en wethâlders fan Súdwest-Fryslân,

drs. H.H. Apotheker , boargemaster.

P. Zondervan , gemeentesekretaris.

Riedsbeslút gemeente Súdwest-Fryslân

Underwerp	Bestimmingsplan "Idzegea-Klokhúsdyk 2" Idzegea
-----------	--

De ried fan de gemeente Súdwest-Fryslân;

lêzen it foarstel fan boargemaster en wethâlders d.d. 31 mei 2016;

let op 3.8 fan de Wet romtlike oardering;

sjoen de startnotysje fan 12 novimber 2015;

b e s l ú t:

1. it bestimmingsplan "Idzegea-Klokhúsdyk 2" ûnferoare fêst te stellen;
2. fêst te stellen dat it oanbelangjende bestimmingsplan fêstlein is yn it GML-bestân NL.IMRO.1900.2016oostBPidzegakd-vast;
3. fêst te stellen dat foar de lokaasje fan de geometryske planobjekten, gebrûk makke is fan de ûndergrûn hokker ûntliend is oan de Grutskalige Basiskaart Nederlân;
4. gjin eksploitaasjeplan foar it oanbelangjende bestimmingsplan fêst te stellen.

Sa fêststeld yn de iepenbiere riedsgearkomste fan 14-7-2016



drs. H.H. Apotheker

, foarsitter.



B.C. Star

, plf. griffier.